

PARSEBERJOCHT

25 augustus 2020

Ferhalen út de GGZ wei by Omrop Fryslân

It liket wol as oft it de lêste tiid hieltyd faker foar komt. Nijsberjochten dêr't yn sprutsen wurdt oer in 'ferward persoan'. Wylst de GGZ it leaver hat oer 'persoanen mei ûnbegrepen gedrach'. Faak sit der in hiel ferhaal efter dy berjochten. Wa binne de minsken dy't yn behanneling binne by de GGZ en wêrom soe it jo of my net oerkomme kinne? Presintator Miranda Werkman siket it út en sjocht efter de doarren fan GGZ Friesland.

Oan it begjin fan de rige 'Fan binnenút, ferhalen út de GGZ wei' komme we yn de kunde mei Bram. "Ik vond het niet fijn om opgesloten te zitten, maar het was wel echt nodig". Bram is twongen opnommen en sit op De Flinter, de High Intensive Care klinyk yn Frjentsjer. Op syn keamer fertelt er oer hoe't it misgie en wêrom't der in befel fan de boargemaster oan te pas komme moast om him opnimme te litten. Bram wie doe psygoatysk en ien fan de kenmerken dêrfan is dat je dan waanfoarstellingen hawwe. No giet it in stik better mei Bram. It helpt him dat er alle dagen nei de deibesteging kin om oan fytsen te wurkjen of noch better; syn eigen brommer. Mar hy is foaral bliid dat er syn freonen en famylje noch om him hinne hat. Dy stipe hat him der trochhinne skuord.

Miranda Werkman komt fan Frjentsjer en is grut wurden mei it strjitbyld fan pasjinten fan de GGZ. Ek hat se yn har eineksamentiid as skjinmakster oan it wurk west yn de gebouwen fan GGZ Friesland. "De ferhalen fan de minsken makken doe al bot yndruk op my. De frou dy't mei alle moarnen wer frege wat se no earst dwaan moast; ite, oanklaaie, dûse of nei har wurk ta gean. Alle dagen joech ik har itselde antwurd en dan waard se wer rêstich. Of it ferhaal fan de man dy't fertelde dat er it allegearre goed foar elkoar hie. Oant er syn frou ferlear. Ik sjoch him noch foar my, mei syn grutte hannen en drôvige eagen. Ik tocht; ja, dit kin elkenien oerkomme." Anno 2020 is der in soad feroare; de maatskippij is fansels hiel oars wurden, mar hoe sit dat mei de psychiatryske soarch? GGZ Friesland lit graach sjen wat der allegearre bart. Pasjinten en de meiwurkers fertelle iepen en earlik har ferhaal en oer it wurk dat se dogge en wat der feroare is.

"Per jaar krijgen ruim 7300 mensen in Friesland voor het eerst een psychische aandoening", aldus Ton Dhondt, bestjoerder en psychiater fan GGZ Friesland. "Ongeveer 4 op de 10 Friezen voldoen op enig moment in hun leven aan de criteria van een psychiatrische diagnose. Studies laten zien dat veel mensen, liever geen psychiatrische patiënt als buurman of collega hebben, en dat nog meer hen niet als vriend, partner of schoondochter in hun leven zouden toelaten. We hopen dat door deze serie mensen zich meer kunnen verplaatsen in onze patiënten."

Yn dizze searje fan acht wiken sjocht programmamakker Miranda Werkman wat der efter de doarren fan GGZ Friesland plakfynt. Fan Frjentsjer oant Dokkum, Lemmer, Ljouwert en Boalsert. Bram en oare pasjinten dogge earlik har ferhaal. Oer wat der mis gie, hoe't se holpen binne en hoe yngewikkeld it somtiden wêze kin om wer in plakje yn de maatskippij te finen. De rige 'Fan binnenút, ferhalen út de GGZ wei' is fan 31 augustus ôf alle moandeis te sjen by Omrop Fryslân. Fan 17.15 oere ôf, elk heal oere.

Noat foar de redaksje:

Boarnefermelding ôfbylding: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 06 31 59 02 12 of GGZ Friesland: 06 20 56 83 16

PERSBERICHT

25 augustus 2020

Verhalen vanuit de GGZ bij Omrop Fryslân

Het lijkt wel alsof het de laatste tijd steeds vaker voorkomt. Nieuwsberichten waarin gesproken wordt over een ‘verward persoon’. Terwijl de GGZ het liever heeft over ‘personen met onbegrepen gedrag’. Vaak zit er een heel verhaal achter deze berichten. Wie zijn de mensen die in behandeling zijn bij de GGZ en waarom zou het u of mij niet kunnen overkomen? Presentator Miranda Werkman zoekt het uit en kijkt achter de deuren van GGZ Friesland.

Aan het begin van de serie ‘Fan binnenút, ferhalen út de GGZ wei’ (Van binnenuit, verhalen vanuit de GGZ), komen we in contact met Bram. “Ik vond het niet fijn om opgesloten te zitten, maar het was wel echt nodig.” Bram is gedwongen opgenomen en zit op De Flinter, de High Intensive Care kliniek in Franeker. Op zijn kamer vertelt hij over hoe het misging en waarom er een bevel van de burgemeester aan te pas moest komen om hem te laten opnemen. Bram was toen psychotisch en één van de kenmerken daarvan is dat je dan waanvoorstellingen hebt. Nu gaat het een stuk beter met Bram. Het helpt hem dat hij elke dag naar de dagbesteding kan om aan fietsen te sleutelen of nog beter; zijn eigen brommer. Maar hij is vooral blij dat hij zijn vrienden en familie nog om zich heen heeft. Die steun heeft hem er doorheen gesleept.

Miranda Werkman komt uit Franeker en is opgegroeid met het straatbeeld van patiënten van de GGZ. Ook is ze in haar eindexamentijd als schoonmaakster aan het werk geweest in de gebouwen van GGZ Friesland. “De verhalen van de mensen maakten toen al veel indruk op mij. De vrouw die me elke ochtend weer vroeg wat ze nu eerst moest doen; eten, aankleden, douchen of naar haar werk gaan. Elke dag gaf ik haar hetzelfde antwoord en dan werd ze weer rustig. Of het verhaal van de man die vertelde dat hij het allemaal goed voor elkaar had. Tot hij zijn vrouw verloor. Ik zie hem nog voor mij, met zijn grote handen en droevige ogen. Ik dacht; ja, dit kan iedereen overkomen.”

Anno 2020 is er veel veranderd; de maatschappij is natuurlijk heel anders geworden, maar hoe zit dat met de psychiatrische zorg? GGZ Friesland laat graag zien wat er allemaal gebeurt. Patiënten en de medewerkers vertellen open en eerlijk hun verhaal en over het werk dat ze doen en wat er veranderd is.

“Per jaar krijgen ruim 7300 mensen in Friesland voor het eerst een psychische aandoening”, aldus Ton Dhondt, bestuurder en psychiater van GGZ Friesland. “Ongeveer 4 op de 10 Friezen voldoen op enig moment in hun leven aan de criteria van een psychiatrische diagnose. Studies laten zien dat veel mensen, liever geen psychiatrische patiënt als buurman of collega hebben, en dat nog meer hen niet als vriend, partner of schoondochter in hun leven zouden toelaten. We hopen dat door deze serie mensen zich meer kunnen verplaatsen in onze patiënten”

In deze serie van acht weken kijkt programmamaker Miranda Werkman wat er achter de deuren van GGZ Friesland plaatsvindt. Van Franeker tot Dokkum, Lemmer, Leeuwarden en Bolsward. Bram en andere patiënten doen eerlijk hun verhaal. Over wat er misging, hoe ze geholpen zijn en hoe ingewikkeld het soms kan zijn om weer een plekje in de maatschappij te vinden. De serie ‘Fan binnenút, ferhalen út de GGZ wei’ is vanaf 31 augustus iedere maandag te zien bij Omrop Fryslân. Van 17.15 uur af, elk half uur.

Noot voor de redactie:

Bronvermelding afbeelding: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 06 31 59 02 12 of GGZ Friesland: 06 20 56 83 16